

Oarder fan tsjinst foar Pinkstersnein 2015

Foargonger: Yn 'e namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast

Gemeente: Amen

Foargonger: Us help is yn 'e namme fan de Hear

Gemeente: dy't himel en ierde makke hat,

Foargonger: Hear, ferjou ús al wat wy misdien ha

Gemeente: en lit ús ons wer yn frede libje

Gemeente: Amen

Iepeningsliet: Psalm 68 : 7 en 12

Kyrie

Foargonger: Litte wy de Heare om ûntferming oanroppe foar de need fan de wrâld
en syn namme priizgje, want syn barmhertigens is sûnder ein.

Foargonger: Heare God ûntfermje jo.

Gemeente: Kristus, ûntfermje jo

Heare God ûntfermje jo

Gloria

Foargonger: Eare oan God yn de heechste himel

Gemeente: en frede op ierde oan har fan Syn wolbehagen.

Of:

Kyrië eleison

Hea - re God, ûnt-ferm-je Jo, Kris - tus, ûnt - ferm - je Jo,

Hea - re God, ûnt - ferm - je Jo.

Gloria

Ea - re oan God yn 'e heech - ste hi - mel
en fre - de op ier - - - de
no't God yn mins - ken wol - be - ha - gen hat.

Gebed fan 'e dei

Foargonger: De Hear wês mei jim

Gemeente: en mei jo Geast

Of:

foargonger: De Hear wês mei jim. *gemeente:* En ek mei jo.

Foargonger: Sneinsgebed

Gemeente: Amen

Pinksterferhael foar jong en âld

Sjonge: Liet 683

Skriftlêzingen:

Exodus 20: Mozes bekommt de wet

Sjonge: Liet 670 : 1, 2, 6 en 7

Genesis 11: Spraakbetizing fan Babel

Sjonge: Liet 672 : 1, 4 en 7

Hannelingen 2 :1-11 : De hillige Geast wurdt útstoart

Sjonge:

Fan himelheech waait fjoer en wyn (Margryt Poortstra/Jan de Jong)

The image shows a musical score for a hymn. It consists of four staves of music in treble clef, with a key signature of two sharps (F# and C#) and a 3/4 time signature. The lyrics are written below the notes. The first staff contains the lyrics '1 Fan hi - mel - heech waait fjoer en wyn'. The second staff contains 'it fol - le hûs mei mins - ken yn.'. The third staff contains 'Yn taal en te - ken komt de Geast,'. The fourth staff contains 'de waar - me am - me fan - God treast.'.

2 Sa nei it rispjen d' earsteling
in teken is fan nij begjin
dat oan de deade grûn ûntsprút
sa wiist de Geast ús hjoed foarút.

3. Sy sprekt in taal dy't elk ferstiet
dy't streekrjocht nei it herte giet.
Har wurden hâlde leafde yn
de frede fan in simmerwyn.

4 Sy helpt ús as in mem oerein
as wy fertrietlik of ferslein
de moed ferlern ha om te gean.
Sy jout de krêft om op te stean.

5 Dat ús de Geast trochwaaiet mei,
dat wy as op dy pinksterdei,
fol fjoer en yn beweging brocht,
ús wegen geane yn har ljocht.

Oertinking

Muzyk (?)

Sjonge: Liet 675

Kollekte

Gebed oer de jeften

Tanksizzing en foarbeaën

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:


Foargonger: Dêrom bidde wy:

Gemeente: Hear ûntfermje jo

Of mei liet 368g:

Stil gebed

Lit ús no sjongend bidde ta God, ús Heit, mei de wurden dy't Jezus sels ús leard hat:



1 God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hil - lig - je jo nam - me,
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,
troch jo ei - gen bern be - skam - me.

2 Bûch de folken nei jo wet
lit jo ryk op ierde komme.
byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3 Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ik wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4 Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5 God fan fier en hein ús Heit,

wûnder heimmis fan jo name,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden, amen.

Sjonge: Liet 880

Segen

Foargonger: Gean dan hinne yn frede
 ta de freugde fan dizze dei
 en ta jim tjinst yn 'e nije wike

 Mei de barmhertgie
 en almachtige God jim seinigje
 de Heit, de Soan en de Hillige Geast.

Gemeente: Amen

Oare pinksterlieten: liet, 87, 632, 670, 672, 674, 675, 678, 680, 683, 686, 687, 689, 691, 693, 700, 701, 706, 841, 970.